

Kolleezje fan Deputearre Steaten
o.f. E. Folkerts
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT


Ljouwert 10 septimber 2024

Rju achte deputearre Folkerts, bêste Eke,

Op fersyk en út namme fan DINGtiid ha yn juny trije fan ús "Asega's" – do witst, ûnder dy namme ha we sûnt 2023 in jongerepanel – nei Wales west. Dêr ha se meidien oan it jierlikse taalfestival *Eisteddfod*. We ha harren frege om, fanút harren perspektyf as jongfolwoeksenen, dêr nei te gean oft de Welske oanpak fan sa'n taalfestival oanknopingspunten of ynspiraasje biedt foar de Fryske situaasje. Dêr ha se nei thúskommen in rapport oer skreaun dat ek guon praktyske advizen befettet.

We ha dat rapport op ús lêste bestjoersgearkomste op it aljemint hân en besletten dat we it sa nuttich en ferfrissend fine dat we it ek oan de Provinsje oanbiede wolle. We soenen jim oanriede wolle om de ideeën fan de asega's te bestudearjen. We dogge der graach ek it oanbod by om der taljochting op te krijen fan de skriuwers sels. Ast op sa'n petear priis stelle soest, dan kinst dy dêrta by ús oppenearje en sette wy dat op.

Mei freonlike groetnis,



Hedzer Klarenbeek
Bestjoerslid DINGtiid

Taheakke: rapport Asega's "In Frysk Urdd Eisteddfod"

POSTADRES

/ Westersingel 4
/ Keamer 0.11
/ 8913 CK Ljouwert

/ ynfo@dingtiid.frl
/ www.dingtiid.frl
/ @dingtiid

In Frysk Urdd Eisteddfod

Advys oer in taal- en kultuerfestival foar de minderheidstaal oan DINGtiid

Arjen Bloem, Kyra Rottiné en Welmoed Sjoerstra
17 juny 2024

Urdd Eisteddfod is in evenemint dy't de Welske taal- en kultuer fiert. It festival bringt sûnt 1922 alle jierren tsientûzenen jongeren út hiel Wales byinoar om mei te dwaan oan wedstriden op it mêd fan muzyk, literatuer, dûns en poadiumkeunsten (Urdd Gobaith Cymru, 2024). Dit jier wie it evenemint yn Maldwyn en wy mochten der as asega's fan DINGtiid ek by wêze. Mali Thomas en Nannon Evans fan de organisaasje fûnen it in grutte eare om ús mei ús bûtenlânske ynteresse te ûntfangen. Se hawwe ús dan ek it festival sjen litten en mear ferteld oer wêr't it festival presys wei komt.

Wales hat in aktyf taalbelied om de Welske taal te befoarderjen en te beskermjen. De Welske oerheid stribbet bygelyks nei in beskaat oantal sprekkers yn it jier 2050, nammentlik ien miljoen. Dêrneist is in doel dat it oantal minsken yn Wales dat alle dagen it Welsk praat tanimt, fan tsien nei tweintich prosint (Prins, n.d.). De fraach oft dat realistysk is leit noch yn it midden. Yn 2021 hie Wales goed trije miljoen ynwenners (Office for National Statistics, 2022). It tal sprekkers ferskilt noch aardich tusken de ûndersiken, fariearjend fan sa'n 538.300 sprekkers by in ûndersyk yn 2021 en resultaat fan 891.00 yn 2023 yn in oar ûndersyk (Prins, n.d.)

Urdd Eisteddfod is ek ûnderdiel fan dit belied. It festival biedt jongeren in platfoarm dêr't sy harren talinten toane en ûntwikkelje kinne. Dêrby wurdt it brûken fan de Welske taal- en kultuer yn ferskillende dissiplinen oanmoedige. De wedstriden dy't hâlden wurde, drage by oan it yn libben hâlden fan de Welske (taal)tradysjes. It feit dat de basis fan it festival bestiet út de wedstriden yn ferskillende kategoryen draacht by oan de libbensfetberens fan it festival. Eltsenien docht al sûnt se jonge bern binne mei oan de wedstriden en ferskillende skoallen út de Welske mienskip stride entûsjast tsjin inoar. Dat wurket hiel binend foar minsken, en omdat eltsenien it al wend is fan basisskoalle oant in jier as 25, heart it echt by de Welske kultuer (Nannon Evans, persoanlike kommunikaasje).

By ús besite oan it festival hawwe wy û.o. in tradisjonele dûnswedstriid, in teäterwedstriid en in koarkompetysje bywenne. Dy wedstriden hienen plak yn ferskillende festivaltinten dêr'tst tusken de optredens troch sa yn en út rinne koest. It wie motivearjend om te sjen hoe't de jongerein fol grutskens en entûsjasme mei-inoar de striid oangie. De Welske taal- en kultuer wurdt troch de festivalgongers echt oemearme en dat fielst.

Sa't wy as Friezen mar al te goed witte, ferbynt taal ús mei-inoar. Dit fernimme je dan ek wannear't je omrinne oer it grutte festivalterrein yn Maldwyn. Oeral om dy hinne hearst de besikers grutsk yn de Welske taal praten. Wannear't der in wedstriid op it punt fan begjinnen stiet, streame de tinten stadichoan oan fol. Grutskes âlden,

fanatike klasgenoaten en ynteressearre taskôgers binne allegear op de tribune te finen.

Neist de tinten dêr't de wedstriden yn plak hienen wie der in tinte mei in soarte fan eksposysje mei ferskillende soarten wurkstikken: dy wienen troch in sjuery beoardiele en wienen no as pronkstikken tentoansteld. Bûten koest in soad kreamkes op it terrein fine, as in soarte fan ynfomerke. Dêr koenen jongeren en âlden ynformaasje sammelje oer skoallen, biblioteken en oare relatearre saken. Fierder stie op it terrein in iepen tinte dêr't de hiele dei troch útrikkings fan prizen wienen. Dêrneist stie der noch in grutte tinte, spesifyk foar Welske artysten dy't middeis en jûns optreden.

It festival is sa ynklusyf as mooglik yn'rjochte en hâldt rekken mei eltse doelgroep. Mei ek in tinte wijd oan de LHBTQIA+-mienskip dêr't bygelyks drag shows plakhiene, in prikkelearme lokaasje foar neurodiverginte minsken en in romte foar gebed. De organisaasje wie spesifyk grutsk op dat ynklusive karakter fan it festival, dat deroan bydraacht dat besikers harren dan ek fuort thús fielden.

In Frysk Urdd?

In soad dingen dy't we sjoen hawwe op Urdd Eistedfodd binne we yn Fryslân ek bekend mei. Kompetysjes dêr't skoallen oan meidogge bygelyks: sa hawwe wy Ferstival foar poëzij foar it fuortset ûnderwiis (Cedin, 2022), SjONG (SjONG, 2022) en SjONG Junior (SjONG Junior, 2023) foar sjongen foar it primêr en fuortset ûnderwiis, (SjONG, n.d.) en de Grutte Fryske Wurkstikpriis foar allegear soarten kreative en skreaune wurkstikken (Taalplan Frysk 2030, 2024). Dizze eveneminten steane lykwols noch los fan elkoar. Neffens ús soe it fersterkjend wurkje om soksoarte festiviteiten gear te foegjen ta ien festival. Sa kinne jongerein yn oanrekking komme mei ferskate aspekten fan de maatskippij en belûken by de mooglikheden dy't it Frysk biede kin, om sa in generaasje te generearjen dy't de taal fan it hert machtich is en fierder fersterkje kin.

Wy riede dêrom oan dat yn oerlis mei offisjele ynstânsjes yn earste ynstânsje in fierdere ynventarisaasje fan dit idee útfierd wurdt. Dat soe neffens ús moai oanslute op de plannen binnen Taalplan Frysk 2030 (en 2051). In oanbefelling út de Welske kontekst wei soe dêrby wêze om de skoallen aktyf belûken yn it wedstriidaspekt. Yn Wales is it festival bekender wurden en groeid meidat de skoallen deryn belutsen wienen (Nannon Evans, persoanlik kommunikaasje). Dêrneist draacht it tsjin inoar striden fan de skoallen neffens ús by oan in mienskipsgemoel. Yn Fryslân soe dat neffens ús ek bydrage kinne oan it begryp dat jonge Friezen krije fan de ferskillende hoeken fan Fryslân en de aksinten: op sa'n festival soe in skoalle út Sint Nyk yn kontakt komme kinne mei in skoalle út Bûtenpost. It yn kontakt bringen fan dy ferskillende identiteiten en aksinten draacht by oan de identiteitsfoarming fan de learlingen.

Dêrneist sjogge we mei it belûken fan de skoallen deryn in mooglikheid om yn te spyljen op de fernijde keardoelen foar it fak Frysk dy't fan 2025 ôf ynfierd wurde. Wichtich yn dy keardoelen is dat de doelen foar de skoallen feroarje: yn stee fan oanboddoelen moatte skoallen foldwaan oan ûnderfiningsdoelen. Dat is in grutte feroaring yn it ûnderwiis dy't derfoar soarget dat de skoallen (yn gearwurking mei partners binnen Taalplan Frysk) goed sjen moatte nei hoe't harren aanbod no oanslút op de nije keardoelen. Neffens ús soe it in goede kâns wêze om dy keardoelen

mei te nimmen yn it optinken fan it festival, sadat it foar de skoallen oantreklik is om mei te dwaan oan (aspekten fan) it festival en sy mear Fryske taal en kultuer oanbiede.

In stroffelblok foar de Fryske kontekst soe neffens ús dan noch wol de taal wêze, mei de somtiden negative taalhâldingen fan de ynwenners fan Fryslân yn de achterholle (Belmar, 2019). Op Urdd Eistedfodd wie alles Welsktalich. It iennige dat yn it Ingelsk wie, wiene QR-koades by ferskillende ûnderdielen dy't útlis joegen oer de ynhâld. Dêrneist waard op guon mominten live oerset nei it Ingelsk foar ús en noch in pear, yn it ramt fan ynklúzje, mar dy apparaatsjes wienen net oeral beskikber. Wylst we tinke dat it it bêste wêze soe om it festival folslein yn it Frysk te dwaan, de Fryske taal en kultuer is nota bene wêr't it festival om giet, tinke we ek dat it yn de Fryske kontekst dreger is om dat foar inoar te krijen op basis fan de taalattituden fan in soad ynwenners fan Fryslân yn 'e achterholle. Negative reaksjes op it Frysk binne in saak dêr't (yn bepaalde, neffens ús beheindere mjitte) rekken mei hâlden wurde moat. Dochs tinke wy dat mei it belûken fan de skoallen en de ûnderfiningsdoelen yn it nije kurrikulum de kâns grutter wurdt dat it festival foar it grutste part yn it Frysk dien wurde kin.

Ta beslút kinne we neffens ús leare fan it troch de Welske minsken kombinearjen fan kultueraktiviteiten mei ferbinende en frijетиidsaktiviteiten. Op it festival wienen oerdeis kulturele wedstriden, en jûns wie der romte foar live muzyk út de regio. Dêrneist siet der in merke by it festival. Troch it kombinearjen fan kulturele en frijетиidsaktiviteiten, tinke we dat op dy manier in gruttere doelgroep oansprutsen wurde kin en in gruttere doelgroep ek ris yn kontakt komme kin mei mear aspekten fan de Fryske kultuer.

Boarnen

Belmar, G. (2019). Attitudes and Language Use of (Potential) New Speakers of a Minoritized Language: The Case of Adults Learning West Frisian in Formal Courses. *Sustainable Multilingualism*, 15(1), 70–88. <https://doi.org/10.2478/sm-2019-0014>.

Cedin. (2022). *Oer ús: FeRstival*. Rieplachte op 13 juny 2024 fia <https://www.ferstival.frl/oer-us/>.

Office for National Statistics. (2022, June 28). Population and household estimates, Wales: Census 2021. <https://www.ons.gov.uk/peoplepopulationandcommunity/populationandmigration/populationestimates/bulletins/populationandhouseholdestimateswales/census2021>

Prins, S. W. (n.d.). Frysk 2051: Beliedsadvys langetermynfisy Frysk & de praktyk yn oare minderheidstaalgebieten. [noch út te kommen]

SjONG. (2022). *Oer Sjong*. Rieplachte op 17 juny 2024 fia <https://www.sjong.frl/sjong/>.

SjONG Junior (2023). *Oer Sjong*. Rieplachte op 17 juny 2024 fia <https://sjong.frl/sjong-junior/>.



Orgaan foar de Fryske taal

Taalplan Frysk 2030. (2024, 9 febrewaris). *Doch mei oan de Grutte Fryske Wurkstikpriis!* Rieplachte op 17 juny 2024 fia <https://taalplan.frl/doch-mei-oan-de-grutte-fryske-wurkstikpriis-2/>.

Urdd Gobaith Cymru. (2024). *About us*. Rieplachte op 13 juny 2024 fia <https://www.urdd.cymru/en/about-us/>.